

Jelma Sytske Knol

„De jacht”, âlderwetsk goed



Yn „De jacht”, de nije roman fan Durk van der Ploeg, wurdt de deadlike rivaliteit beskreaun tusken Former Bloemkamp en Lútsen Idsardi, twa manlju út Ealsum. Former is berne yn Ealsum, as soan fan de net troude tsjinstfaam Geeske Bloemkamp, mar hy wennet de earste fjirtich jier fan syn libben by syn mem yn de Wâlden. Former wurdt dan ek in echt „wâldmantsje”, in frijbûter mei anti-militaristyske ideeën, dy't gjin baas nedich hat omt er him yn libben hâlde kin mei fiskjen, môlejen en jeien.

Geeske keapet it hûs dêr't se earst tsjinne hat: it foar in part ôfbaarnde Mockema-State en sa komt se, mei Former en in soad yllúzjes werom yn Ealsum. Yn Ealsum fynt se lykwols net wat se socht hat: mei de buorlju hat se net safolle gedoente, de measte bekenden lizze op it tsjerkhôf en har húshâlding bliuwt in suterich spultsje. Yn 1937 wurdt se ien fan de slachtoffers fan de tyfusedepidemy.

Lútsen Idsardi, de buorjunge fan Former en Geeske yn Ealsum, siket al daliks kontakt mei Former as er sjocht dat dy in gewear hat. Lútsen noaget him út om lid te wurden fan de BVL (Lânstoarm) yn Ealsum, mar dêr hat Former útsoarte gjin ferlet fan.

Lútsen is in bedoarn jonkje mei in sterke memmebining, bepaald gjin trochsetter. De kâns om ûnderwizer te wurden hat er troch syn loaiens slûpe litten en mei oare baantsjes wurdt it ek neat.

As er sjocht hoe goed Former him rêde kin, beslút Lútsen foar himsels te begjinnen. Hy hiert in Strobosser bok:

„De hiele feart del oan de Ie ta is hy der noch mei dwaande om Former, dy't him as in rivaal yn syn brein nestele hat, te ferslaan” (s. 24). Hjir hat it gefoel fan rivaliteit, dat hielendal fan Lútsen útgiet, noch in sûn karakter. Dat feroaret at Lútsen alles by de hannen om ôf brutsen wurdt. It hierde skipke fergiet yn in stoarm op de Burgumer Mar. It wurkjen yn Dútslân, dêr't er al sa'n steil wurd om hân hat, mislearret en as útkearingstrekker moat er de wurkferskaffing yn, earst yn it slyk by Peazens en letter nei de ûntginning op it Bûtenfjild. Van der Ploeg jout in yngeand byld fan it soms ûnminsklik swiere wurk yn de wurkferskaffing. As lêzer krijt men suver begrutsjen mei de labile Lútsen, mar dat dat net de bedoeling is fan de skriuwer, krijt men earst letter yn 'e rekken. Lútsen giet nammentlik yn polityk opsicht de ferkearde kant út: „En as gefolch fan syn mislearjen, de sympatyën mei de NSB.” (s. 125)

Hinke, Lútsen syn faam, trout mei Former. Dy mei graach de steuntrekkers en Colijn-oanhingers wat narje (û.o. s. 36) en sa wurdt de haat fan Lútsen hieltyd grutter. As Former him o sa provosearjend opstelt by in oefening fan de Lânstoarm yn Ealsum, sjit Lútsen syn wang stikken. Hy bedarret njoggen moanne yn de Ljouwerter finzenis en hy komt der achter dat it iennichste fermidden dat him noch tolereart (en brûke kin) de NSB is. As de Twadde Wrâldoarloch begjint wurdt er ien fan de fûlste hantlangers fan de Dútsers. Hy jout de antimilitaristyske dûmny Cohen út Dokkum oan dy't eefkes letter yn Dachau fermoarde wurdt. Dêrnei begjint Lútsen de jacht op Former. It slagget Former lykwols om út syn hannen te bliuwen. Mar op de lêste dei fan de oarloch fynt er dochs noch de dea.

De lêste siden fan it boek binne wat riedseleftich. Doe't ik de roman foar de earste kear lies, miende ik dat Former himsels fan kant makke hie. Mei dy ôfrin hie ik dochs swierrichheden: Former is foar myn gefoel net it type dat himsels tekoart docht. As er bgl. opsletten wurdt ûnder de grûn troch Anders (syn heit en ûnderdûkadres), besiket er op alle mooglike manieren om frij te kommen. Former wol net stjerre ûnder de grûn. Dy manier fan dwaan wiist net op in grutte deadsdrift. Doch is der wol in ferklearing te jaan foar de selsmoard fan Former. Nei de earste oanslach fan Lútsen hat Former in geweldige groede op syn wang. Dy groede sit lykwols net allinne oan de bûtenkant, mar ek fan binnen. It wurdt it teken fan syn kwetsberheid. At Former oan de ein fan it boek syn twilling sjocht, moat hy fan Hinke yn de keamer sjitte. De bern reagearje net, se binne dôf. Dan giet Former it hûs út, syn frou heart wer sjitten en se fynt him bûten. Oant safier it ferhaal út it boek. De selsmoard is sa te ferklearjen: it sjitten yn de keamer ropt by Former reminisinsjes op oan it skot fan Lútsen op de terp fan Ealsum. Troch dat skot is er skeind. Nei it skot yn 'e keamer, wurdt er konfronteard mei it skeind-wêzen fan syn twilling (har dôvens). Omdat hy dat net oan kin, sjit er himsels dea. Sa'n ein kin op himsels oannimlik wêze. In probleem is dan wol, dat wy as lêzer net mear witte wat der mei Lútsen bart. Dêr sit dus in los triedsje yn it boek.

By twadde lêzing bin ik fan de selsmoardteory ôfstapt.

De lêzer hat al siden lang neat mear fernommen oer Lútsen en syn jacht op Former, doch is hy nei alle gedachten de dieder.

It is nammentlik ûnmooglik dat Former himsels deasjit, it hûs ynrint om it gewear tsjin it kammenet te setten en dan wer it hûs út rint om bûten te stjerren. Dizze ferzy slút it bêst oan by wat der *stiet* yn it boek en boppedat wurdt dan de rol fan Lútsen oan de ein fan it boek noch ôfbreide. Doch docht ek de twadde ferklearing wat forsearre oan. Van der Ploeg lit de lêzer sitte mei de ôfrin fan it boek, wylst dat no ris net funksjoneel is. By syn eardere boeken, bgl. „De winter komt”, is de fraach wat der no echt bard is, in yntegraal ûnderdiel fan it hiele ferhaal. Hjir sjoch ik dy needsaak net. „De jacht” wykt ek nochal ôf fan Van der Ploeg syn eardere wurk. Hie de skriuwer foar „De Jacht” foar in soartgelikense opset keazen as by „In man en in minske” en

„De winter komt”, dan wie dizze nijste roman wer in sober, strak stileard gehiel wurden, dat him nei alle gedachten konsintreard hie om de figueren fan Former, Lútsen en Hinke. Fral de wize dêr't Lútsen Hinke op terrorisearde, past yn de tradysje fan Van der Ploeg syn eardere wurk. De skriuwer hat lykwols keazen foar in oare opset. It boek is dúdlik skreaun foar in grutter lêzerspublyk. Van der Ploeg jout in breed, panoramysk byld fan it libben yn Ealsum en omkriten yn de krisisjierren en yn de oarloch. Nettsjinsteande de oerfloed oan beskriuwingen yn dizze roman wit Van der Ploeg der dochs 263 siden lang de spanning yn te hâlden, en dat is gjin lytse prestaasje.

De opbou fan it boek is ienfâldich. It ferhaal wurdt gronologysk ferteld. Bepaalde episoades hiene miskien ek yn de foarm fan flash backs werjûn wurde kind, wat de roman mooglik wat mear faasje jûn hie, mar Van der Ploeg makket gjin gebrûk fan dat prosedee. De skriuwer hat keazen foar it alwittende fertelperspektyf, en dat past op himsels goed by de brede, epyske ferteltrant fan de roman. De oanstriid om kommentaar te leverjen op wat der yn it boek bart, is soms té grut. In wat neutraler gebrûk fan it fertelperspektyf hie faaks better west, omdat de sljochtweihinne lêzer sels bêst útmeitsje kin hoe gemien, bespotlik (ensafierder) bygelyks in Lútsen is. Yllustratyf is in sêne oan it begjin fan haadstik 42, side 201, dêr't it kommentaar fan de ferteller op Lútsen gewoan steurend is. Net allinne de spanningsopbou, de meinimmende, panoramyske ferteltrant, de „maklike” gronology en it alwittende fertelperspektyf meitsje in wat âlderwetske yndruk, ek de styl draacht dêr oan by.

De manier fan skriuwen fan Van der Ploeg is fan de selde ikehouten Oisterwijkkwaliiteit as it ferhaal. Sa is it net kâld, mar „gnobkâld”, om mar ien foarbyld te neamen fan it taalgebrûk dat (mei opsetsin) wat ferâldere oan docht. Van der Ploeg oerdriuwt ek graach: „Lútsen. As sit de duvel him efter, sa jaget er de Dokkumer Breedstrjitte del. Hy *rûst sweevjend* oer it *rûnrêgige* pypke en *jakkert* de Ealsumerpoarte út. Om Spoarsicht hinne kriget er in flap wyn om 'e noas. Mar lulk *wâdet* er noch *ferwoedener* yn 'e wyn op. Thús *nukt* er de fyts op 'e hage en komt mei koarte stappen troch de gong. Dêr smyt er in *nust* kranten yn 'e hoeke, slacht mei de doarren, dat de âlde minsken sitte yn 'e keamer te sidderjen.” (s. 166) Hat it rûtsen, jakkerjen, wâdzjen, it nukken en de nustjes hjir noch sin om de lulkens fan Lútsen út te byldzjen, yn oare passazjes sjit Van der Ploeg troch. Sa bout er op side 232 in op himsels moai en rêstich natoerbyld op, dat oan de ein lykwols fersûpt yn in orgy fan assonânsjes en alliteraasjes: „De loft hinget as in goar lekken oer de Kouwen. Der skrasse wat eksters en kaen boppe de skiep, dy't yn 'e fachten pikke op tyk en flie. De wrâld lûkt stadich ticht. Ut 'e hûs wei heart er Anders balten. Mei syn manke poat stampt er oer de houten flier. „Der komt libben,” seit Former. „De bolderblast libbet noch.” It hûs dreunt fan Anders syn drokte.

Former skeukt in skoftsje yn it skimerige skuorke om.”

Ik nim oan dat Durk van der Ploeg dit alles hiel bewust dien hat. Hy hat net in moderne roman skriuwe wold, mar hy is mei in âlderwetsk goed boek kommen foar

in grutter lêzerspublyk. Dat is him wat my oanbelanget goed slagge, al ha ik – lykas sein – inkelde beswierrèn. Mei dit boek bewiist Van der Ploeg foar de safolste kear dat er it nivo fan de Rely Jorritsmapriis al lang ûntgroeid is. Hy fertsjinnet yn myn eagen dy oare literêre priis, dy't – as ik my net fersin – dit jier ek útrikt wurdt.

Durk van der Ploeg, De jacht

Priis: ± f 23, –; 263 siden

Utgjowerij: Friese Pers Boekerij Bv

Omslach: Chaim Mesika GVN, Huizen.